

It lot fan de minske: as in hinne en wer geande keatsbal



It keatsen joech âldere skriuwers hiel faak oanlieding ta moralistyske prakkesaasjes. Dat jildt ek foar bygeande tekst fan Roeland van Leuve (1691-1757) út dy syn *Leerzaame Zinnebeelden met historische-, natuur- en zedekundige Aanteekeninge*. Amsterdam, 1725. Van Leuve wie sidekeapman en -fabrikant yn Amsterdam, mar ferlear yn 1720 troch spekulaasje syn hiele fermogen. Syn eigen lot is werom te finen yn it gedicht: lykas it hinne en wer gean fan in keatsbal, ferrint it libben, fan 'luk' ('gelok') nei 'ramp', 'kommer' en 'elenden' en, sa wol er ha,

oarsom. Wy jouwe no mar trije fan it tolve strofen tellende leardicht, om 'e romte, mar ek om't Van Leuve no net fuort in grut dichter wie. Sa nijsgjirrich noch wol is de yllustraasje by it gedicht. De opslagger makket gebrûk fan in tamis, dy't oars wol wat nuver achter him stiet. It spul soe him by in herberch ôfspylje kinne, mei inkelde taskôgers bûten it fjild. (Mei tank oan Germ Gjaltema, dy't ús yndachtich makke op Van Leuve syn boek.)

De redaksje

XVIII. Zinnebeeld.

Op een kaatsbal.

Zie hier, ô Mens! het waare beeld
Van al uw waerelds doen, en werken,
Die Bal, daar hier meê word gespeelt,
Of schoon gy 't dus niet komt te mercken,
Vliegt, als ons leven, heen en weêr,
Nu eensjes op, dan weder neêr.

Ons Leven is gelyk een Bal,
Die, door een sterke hand gedreeven,
Een speeltuig is van 't ligt geval,
En doet met ramp of voorspoed leven,
Naar 't luk van hoog' of laagen staat
Met ons wat voor of tegen gaat.

[...]

Want ... maar ik laat het liever daar:
Oogt slegts, ô Lezers! op het speelen,
En 't kaatssen van deez' Bal, voorwaar
U viel dan ramp of luk ten deele;
Gy zouwt wanhoopent zyn, nog stouwt
[‘vermetel’, ‘overmoedig’]:
't Is 't veiligste [dat gy] op uw God vertrouwt.